

HAB - - Fryske Bibeloersetting

F3B - van Habakuk ingevoerd in Paratext door BP op 250331

Habakuk

1¹ It fisjoen dat Habakuk, de profeet, te sjen krige.

² Hoelang, HEAR, moat ik noch om help roppe sûnder dat jo harkje,
moard en brân raze sûnder dat jo rêding bringe?

³ Wêrom toane jo my kwea en sjogge jo it ûnheil mar oan,
krij ik geweld en ûnrjocht te sjen,
is der strideraasje en stekt kreauwerij de kop op?

⁴ Fan wet is gjin sprake mear
en rjocht rint op neat út:
in minnenien slút de rjochtfearde yn,
it rjocht komt ferdraaid foar it ljocht.

⁵ Sjoch hoe't it ûnder de folken om en ta giet,
sjoch jimme de eagen út,
besau jimme, stean ferbjistere.
Want der is no al wat geande,
jimme soene it net leauwe as it ferteld waard.

⁶ Want sjoch, ik lit de Chaldeeën opkomme,
dat bittere en gystene folk,
dat de ierde yn syn folle breedte trochkrúst,
om him wenplakken ta te eigenjen dy't net fan him binne.

⁷ In freeslik en benearjend folk is it,
it skept syn eigen rjocht en gruttens.

⁸ Syn hynders fleane hurder as panthers,
binne flugger as wolven op 'e jûn,
syn ruters komme deroan stowen,
fan fierrens komme syn ruters deroan fleanen,
se jachtsje as in gier om mar frette te kinnen.

⁹ As ien man komme se om geweld te brûken,
har slachoarder is in eastewyn,
dy't finzenen garret as sân.

¹⁰ Keningen hat er de gek mei,
mei gesachdraggers slacht er de spot,
al dy fêstingwurken, hy laket derom,
hy smyt der modder by op en nimt se yn.

¹¹ Dan waait de wyn oer en giet fierder.

Sa laadt er skuld op him, om't er fan syn krêft syn god makket.

¹² HEAR, binne jo net fanâlds myn God, myn hillige?

Wy sille dochs net stjerre?

Jo, HEAR, hawwe him oanwiisd om te oardieljen,
jo, rots, hawwe him oansteld om te straffen.

¹³ Jo eagen binne te suver om it kwea mar oan te sjen,
ellinde kinne jo net ferneare.

Wêrom ferneare jo dy ferriederlike lju dan al,
hâlde jo jo stil as in minnenien opslokt wa't rjochtfeardiger is as hysels[OC2] ,

¹⁴ meitsje jo fan 'e minske fisken yn 'e see,
spul dat oer de grûn krûpt, sûnder ien dy't deroer hearsket?

¹⁵ Hat er har allegear oan 'e heak slein,
dan sleept er syn fangst mei yn in net
en sammelet dy yn syn bun.

Dêrom is er bliid en alhiel hoera,

¹⁶ bringt er offers oan syn net,
tankoffers oan syn bun,
want tanksij har hat er in fette poarsje,
in grou miel.

¹⁷ Kin er dan samar trochgean mei it leegjen fan syn net,
mei it útmoardzjen fan folken sûnder meilijen?

2¹ Ik gean op myn post stean,

set my yn posysje op it bolwurk,
om út te sjen nei wat hy my te sizzen hat,
wat ik weromkrij op myn protest.

² Doe antwurde de HEAR my:
Skriuw op watst te sjen krijst,
set it dúdlik op buorden,
dat elk dy't derby del komt it lêze kin.

³ It fisjoen komt ommers pas út op 'e fêststelde tiid,
mar it himet nei de ein, it liicht net.

As it mar net oanavesearret, wachtsje der dochs op,
want it komt wis en wrachtsjes, útbliuwe sil it net.

⁴ Wier, al beswimet er en hat er der sels gjin wille fan ^a[1],
de rjochtfeardige hâldt it libben troch syn trou.

⁵ Mar krektoarsom, lykas wyn jin ferrifelet,
sa sil dy grutske fint syn doel net berikke,
al set er ek syn strôte like wiid iepen as it deaderyk
en wurdt er lykas de dea noait sêd.

Hy hat alle folken wol sammele
en alle naasjes wol byinoar swile,

⁶ mar sille sy net allegearre oer him in spreuk oanheffe,
rimen en teltsjes, en sizze:

Wee him dy't opheppet wat net fan him is – hoelang noch? –

en syn skuld hieltyd grutter makket.

⁷ Sille sy net ynienen oereinkomme en har guod dy wer ôfpikke,
wekker wurde en dy sidderje litte?

Dan sille sy dij útplonderje!

⁸ Omdatsto gâns folken leechrôve hast,
sille alle folken dy't noch oer binne dij leechrôvje,
om it bloed fan 'e minsken en it geweld tsjin 'e ierde,
tsjin syn stêden en tsjin al syn ynwenners.

⁹ Wee him dy't inkeld út is op grou gewin foar eigen hûs en hiem,
dat er syn nêst mar yn 'e hichte bouwe kin
en út 'e greep fan it ûnheil bliuwe.

¹⁰ Do setst dyn hûs te skande:

folk op folk mar ôfmeitsje
en dyn eigen besteansrjocht ferbargje.

¹¹ De stiennen út 'e muorre kleie dy oan,
de balken út it dak sprekke dy tsjin.

¹² Wee him dy't in stêd bout op bloed
en in fêsting op ûnrjocht grûnfêstet.

¹³ Tink hjirom: fan de HEAR giet it út
dat folken mar bealgje foar wat ta it fjoer yngiet
en folksstammen har mar wurch meitsje foar wat neat opsmyt.

¹⁴ Want de ierde sil fol wurde
fan it kennen fan de HEAR syn gloarje,
sa't wetter de see oerdekt.

¹⁵ Wee him dy't syn neiste wat te drinken jout,
der fergif by docht en har smoardronken fuorret
nei har neakenens te glûpeagjen.

¹⁶ Do hast dy feriten oan skande yn stee fan eare,
drink do no ek mar ta en lit dyn ûnbesniene manlikheid sjen,
de beker yn 'e rjochterhân fan de HEAR komt no op dîj ta:
smoargens oer dyn eare!

¹⁷ It geweld dêr'tsto mei tekeargien bist tsjin 'e Libanon
silst sels mei ôfdutsen wurde
en de wredens dêr'tsto mei húsholden hast ûnder de bisten
silst sels troch ferplettere wurde,
om it bloed fan 'e minsken en it geweld tsjin 'e ierde,
tsjin syn stêden en tsjin al syn ynwenners.

¹⁸ Wat jout in byld? Syn makker hat it ommers sels stal jûn.
Of in getten byld dat leagens útdraacht?
Syn ûntwerper fertrout ek noch op syn eigen ûntwerp,
wylst de goaden dy't er makket gjin stom wurd sizze.

¹⁹ Wee him dy't tsjin in stik hout seit: Wekker wurde!
Of tsjin in stien dy't swijt as it grêf: Kom yn beweging!
Hat dy dan wat te melden?

Wis, it ding is fette yn goud en sulver,
mar der sit gjin sprút geast yn.

²⁰ De HEAR troanet yn syn hillige timpel.

Wês stil yn syn bywêzen, alles wat op 'e ierde is.

3¹ Gebed fan Habakuk, de profeet. Yn 'e trant fan 'e balladen.

² HEAR, ik haw heard wat jo seine,

fan wat jo dwaan sille, HEAR, waard ik kjel.

Lit it yn ús tiid noch heve,

doch it yn ús tiid te witten,

mar ferjit yn jo grime jo barmhertigens net.

³ God komt fan Teman,

de hillige fan de bergen fan Paran. sela

Syn pracht hat de himel oerdutsen,

de ierde is fol fan syn gloarje.

⁴ Syn gloarje jout glâns as it ljocht:

strielen gean út fan syn hân,

dêryn giet syn sterkte beskûl.

⁵ Foar him út giet de pest,

gleonte ûntspringt yn syn spoar.

⁶ Hy hoecht mar ho te dwaan en de ierde skoddet,

hy hoecht mar ta te sjen en folken skrilje op,

alâlde bergen falle yn poeier

en ivige heuvels krimpe yninoar.

Sa giet er syn ivige gong.

⁷ Under it ûnheil seach ik de tinten fan Kûsjan,

de kleden fan Midjans lân klapperje.

⁸ Lôget tsjin rivieren jo lilken, o HEAR,

jo grime tsjin rivieren of see,

dat jo jo hynders beride,

jo weinen fan rêding?

⁹ Jo helje jo bôge tefoarskyn:

in oermacht oan sjitark. Jo sprekke sela,

en spjalte de ierde, rivieren ûntstean.

¹⁰ As se jo sjogge, beve de bergen,

in stjalprein fan wetter jaget foarby,

de oersee ferheft syn lûd,

hy stekt syn hannen omheech.

¹¹ Sinne en moanne stean stil yn har boppeseal,

se gean oan 'e kant foar it ljocht fan jo pylken,

foar de glâns fan jo blinkende spear.

¹² Jo trêdzje yn lilken oer de ierde,

ferwâdzje mei grime de folken.

¹³ Jo binne op 'en paad gien om jo folk te rêden,
te rêden de man dy't jo salve ha.

Jo hawwe de ferkearde it dak fan it hûs raamd,
de grûnslach bleatlein oant op de rots. sela

¹⁴ Jo hawwe mei syn eigen wapens
it haad fan syn striders trochboarre,
al stoarmje se ek op my oan
om my út it stee te triuwen, domdryst,
as soene se de ellindige stikem fersline.

¹⁵ Jo binne jo wei troch de see gien; jo hynders:
it brûzen fan machtige baren.

¹⁶ Ik haw harke, en beefde oer al myn lea,
fan wat ik hearde, trillen myn lippen.
Bedjer friet myn bonken oan,
ik beef djip fan binnen,
no't ik de dei fan 'e benearing ôfwachtsje moat
dy't it folk oerkomt dat ús oanfalt.

¹⁷ Al bottet de figebeam net út
en smite de wynstokken neat op,
bliuwt de frucht fan 'e olivebeam út
en bringe de ekers gjin iten op,
is it lytsfee ferdwûn út 'e koai
en stiet der gjin ko mear yn 'e jister,

¹⁸ Ík bin fleurich om de HEAR,
jubelje foar de God dy't my rêdt.

19 God de HEAR is myn sterkte,
hy makket my as in ree sa lichtfuottich,
ik fyn myn wei oer de grutste hichten.

Foar de kantor. Mei snarespul.